

# Liet fan de Rottefalle

Tekst en muzyk: Michiel Veenstra & Sytske Bron

## 1.

Oan de râne fan trije gritenijen  
leit in doarpke smûk en smout  
Tusken de Lits en de Leyen  
bin eartiids moaie hûskes boud

Dit doarp ferbynt ús mei inoar  
der wurdt spyle, dûnse of song  
Elts makket hjir syn kar  
Rottefalle hâldt ús oan de gong

### **Kearsankje**

**Rottefalsters, Rottefalsters,  
Sjong mar mei us mei  
Oer ús moaie Rottefalle  
Wy wolle hjir noait wer wei**

## 2.

Doarp mei ferskate minksen  
mar net ien giet hjir ferlern  
It foldocht oan alle winsken  
foar âlderein oant en mei de bern

De kroech, it doarpshûs, de tsjerke  
je komme inoar oeral tsjin  
Mei 't doarpsfeest of op in merke  
Rottefalle is ús nei it sin

### **Kearsankje**

**Rottefalsters, Rottefalsters,  
Sjong mar mei us mei  
Oer ús moaie Rottefalle  
Wy wolle hjir noait wer wei**

## 3.

Oan ferienings binne wy ryk  
Foar elts is der fertier  
Moaie sportfjilden lâns de dyk  
Sa bliuwe wy yn 't spier

In doarp dêr 't elts belutsen is  
Der is faak in soad te dwaan

Hiel aktyf, ja dat is wis  
Rottefalle sil ús wille jaan

### **Kearsankje**

**Rottefalsters, Rottefalsters,  
Sjong mar mei us mei  
Oer ús moaie Rottefalle  
Wy wolle hjir noait wer wei**

### **Solo akkordeon**

## 4.

Mei de Leyen binne wy wiis  
Simmers yn 't wetter of sân  
Winterdeis ride op 't iis  
Pracht fan 't Fryske lân

Doarp tusken wâlden en wetter  
fol fan sport, dûns en muzyk  
Hjoed bist moai mar ek letter:  
Rottefalle, (stop) do bist unyk

### **Kearsankje 2x**

**Rottefalsters, Rottefalsters,  
Sjong mar mei us mei  
Oer ús moaie Rottefalle  
Wy wolle hjir noait wer wei**

**Rottefalsters, Rottefalsters,  
Sjong mar mei us mei  
Oer ús moaie Rottefalle  
Wy wolle hjir noait wer wei  
Wy wolle hjir noait wer wei  
Wy wolle hjir noait wer wei  
Wy wolle hjir noait wer wei**